

FAN IT BESTJOER

Bygeand de wurklist foar 2022/2023. Ferline jier setten wy hoopfol útein mar troch alle “Coronaperikelen” koene ús jûnen dochts net plakfine. Hooplik leit dit no efter ús en sjogge wy út jim allegear wer te treffen. Nij dit jier is dat wy op ús jûnen gebrûk meitsje kinne fan Grou MobyL, in moaie tsjinst fan UVV en dat wy twa middeis fersoargje sille foar de Grousters en oaren yn Leppehiem te Akkrum. Fierderop lêze jim hjir mear oer.

Alle sprekkers dy’t wy ferline jier frege ha binne ek no wer ré fûn om harren jûn te fersoargjen. Dêr binne wy tige bliid mei en wy gean der fanút dat wy 4 moaie jûnen temjitte gean. As bestjoer ferwolkomje wy jim graach op ús earste jûn op 3 novimber o.s. yn Hotel Oostergoo.

De gearstalling fan it bestjoer is net feroare : Margje de Jong (foarsitter), Lutske Melein-Kooiker (skriuwer), Bart van der Wijk (ponghâlder) foarmje it deistich bestjoer. Anne Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen, Frans Bakker en Yede van der Veen meitsje it bestjoer folslein.

Ynformaasje: Pr. Beatrixweg 1, 9001 JM Grou, tillefoan 06-5112 3621. Wizigingen yn bygelyks it wen- en/of emailadres kinne jo trochjaan op stiftinggrou@live.nl as fia it ynformaasjeadres.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2022 – 2023

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten. Ynformaasje: Pr. Beatrixweg 1, 9001 JM Grou, tillefoan 06-5112 3621.

Tongersdei 3 novimber.

Trije jier ferlyn liet **Bauke Lageveen** ús genietsje fan in part fan syn grutte samling foto’s en ansichtkaarten. Hy hat neitiid net stilsitten en sil jûn op ‘e nij in priuwke sjen litte fan syn oanwinsten dizze trije jier.

De Bierhalle is begjin jierren santich ferboud en útwreide. Dat is yndertiid op film fêstlein. Meitsje jimme nei it skoft mar klear foar in protte bekende gesichten. De film is beskikber steld troch **Minne en Tiny van der Veen**.

Tongersdei 8 desimber.

De hiele jûn besile wij de rûtes fan de 4(?) skûtsjes dy’t syld hawwe (en noch sile) ûnder de namme Do(a)rp Grou(w). Oan it roer steane **Frits Jansen** (Stichting Foar de Neiteam), **Johan Prins**, skipsbouwer fan de neimakke earste ‘Dorp Grouw’ (Aebelina), **Harry Amsterdam** (pakesizzer fan de twadde eigener fan it twadde ‘Dorp Grouw’) en **Yede v.d.Veen** (âld-bemanningslid fan it ‘Doarp Grou’ fan no). Sij sette al lavearjend de koers út fan it ferline nei it heden.

Tongersdei 19 jannewaris.

“In skoalmaster út De Wâlden” (frij nei it boek oer Hjerre Gerrits van der Veen). Dizze beneaming is wis fan tapassing op **Rienk de Jong**, jierrenlang skoalmaster. Hy sil it hawwe oer syn kommen te Grou, hoe hy oanseach tsjin de mienskip, it basisûnderwiis, it foar him ûnbekinde Sint Piter-feest en wat er belibbe mei bern en âlders. En net te ferjitten anekdoates rûn it Sint Piter-mearke.

Tongersdei 2 maart.

Dy’t al wat langer stiper binne witte noch dat Sybren van der Vlugt geregeld in jiergong (of mear) ferkrante fan de Frisia. Wy hawwe **Bauke Hooghiemster** ré fûn dizze tradysje wer op te pakken. Fansels sil hy it op syn eigen wize dwaan en mooglik ek mear boarnen brûke. Hy begjint fan ‘e jûn yn de hjerst/winter fan it jier 1962.

Om de elk bekende reden ûntbrekt ek dit kear fansels in ferslach fan it ôfrûne winterskoft.

DE GROUMOBYL FAN IT U.V.V.

Yn oparbeidzjen mei it U.V.V. wolle wy dit winterskoft by wize fan proef de GrouMobyL ride litte nei en fan ús jûnen by Hotel Oostergoo. Wy tinke hjirmei oan in winsk fan foaral âldere stipers foldwaan te kinnen. Der binne wol in oantal betingsten:

-Jo moatte yndied swierrichheden hawwe mei jo mobyliteit.

-Jo "betelje" mei de knipkaart fan it U.V.V. dy't jo yn't foar oankocht ha by Jan & Japke of de Jumbo. Dus jo kinne net mei baar jild betelje.

-As jo nei in jûn fan Stifting Grou wolle, dan dy deis (en net earder) tusken 9.00 en 12.00 oere dit opjaan op tillefoannûmer 06-206 037 41

-Graach klearstean om healwei sân (18.30 oere). Wannear as jo ophelle wurde is ôfhinkelik fan it oanbod. Fandêr dizze romme tiid.

-As it mooglik is dan graach komme sûnder rollator. Der is nl. yn de auto mar plak foar op syn meast twa stiks.

-Ôfhinkelik fan it oantal minsken kin it wêze dat jo nei ôfrin fan de jûn eefkes wachtsje moatte. Dit ta beoardieling fan de sjaffeur fan de GrouMobyL.

-Yn ferbân mei de tiid dy't ien en oar nimt rydt de sjaffeur twa rûtes. Dus op syn meast ferfiert de sjaffeur 8 persoanen ferdielt oer twa rûtes.

IEN EN OAR HINGET FANSELS WOL ÔF OF DER EK MAATREGELS NOMMEN WURDE (OF BINNE) TROCH IT REGEAR YN FERBÂN MEI DE CORONA-KRISIS.

WE GEANE DE GRINS OER !!!

We hawwe yn de rin fan de jierren wol gauris stipers hân dy't, as se ien kear ferhuze binne nei bygelyks Leppehiem yn Akkrum, net mear op ús jûnen komme (kinne), mar wol stiper bliuwe. It bestjoer hat miend hjir no wat oan te dwaan en wy sille it kommende winterskoft (as proef) twa kear op in middei nei Leppehiem. Dêr sille we in part fan in (eardere) wurklist foar it fuotljocht bringe. It is spesjaal bedoeld foar (alle) bewenners fan Leppehiem. Fandêr dat hjir fierder gjin neiere bysûnderheden steane. Us stipers krije hjir mei-de-tiid berjocht fan.

DE FOLGJENDE PERSOANEN BINNE ÚS ûNTFALLEN YN IT TIIDREK 2021-2022:

Ús stiper Trienke de Vries-Veenstra ferlear har man **Gerrit** op 4 oktober, hy waard 76 jier.

Rom 87 jier wie **Bareld de Vries** doe't hy op 5 oktober ferstoar.

Op 13 oktober ferstoar **Christiaan (Chris) Rijke**, hy wie 87 jier.

Yn âldens fan 85 kaam der op 17 novimber in ein oan it libben fan **Sjoerd Visser**.

Op 21 novimber kaam te ferstjerren **Tseard Andringa** yn âldens fan 85 jier.

Us âld-stiper **Vo van Gorkum-Postma** is ferstoarn op 21 desimber, se waard 81 jier.

Acht jannewaris is fan ús hinnegien **Wytske Heidsma-van der Bij**, 83 jier âld.

Op 1 febrewaris ferstoar yn âldens fan 94 jier **Anne de Groot**.

Goed 89 jier waard **Lieuwe Schuurmans**, hy ferstoar op 22 maart.

Tetsje Visser-Sjoerdsma wie krekt 78 jier doe't sy op 24 maart ferstoar.

Op 12 april is ferstoarn **Riemie Hiemstra-Knol** yn âldens fan 76 jier,

Klaske de Groot-Deelstra wie noch mar 70 jier doe't se stoar op 19 april.

Stiper Gjalt Wester ferlear op 22 maaie syn frou **Jacomien**, se waard 81 jier.

Krekt gjin 94 jier waard âld-stiper **Jan Thomas Nauta**, hy is ferstoarn op 17 july.

Ús âld-stiper **Roelof Wester** ferstoar op 17 augustus yn âldens fan 92 jier.

Ek op 17 augustus ferlear Sjoerdsje Meester-Bruinsma har man **Wiebe**, hy waard 84 jier.

Anne Kooistra wie 81 jier doe't er ferstoar op 13 septimber.

Op 17 septimber is ferstoarn **Japke Tasma-Brouwer**, se waard 97 jier.

BYLAGE

IT HOUTSTEK

Yn dizze bylage giet it oer in, foar in protte minsken, frij ûnbekend stikje Grou. De blik moat nei de oare kant fan de Rjochte Grou, eartiids in reidsompe en dêrnei de houtopslach fan it Halbertsma-fabryk. Yn de jierren om 1900 hinne lei oan de westkant fan it doarp noch in ridlik wiid wetter, neamd de Baai. Dizze Baai stie yn iepen ferbining mei it grutskipsfarwetter de Rjochte Grou, dy't dêr ek folle



De Baai sjoen fanôf de Rjochte Grou mei it sicht op de eardere Suderkade. Links al in fabryksloads mei derachter it hege gebou: it turfhoek. Skûtsjes losten ek hjir harren fracht. Rjochts de yngong fan de Grûndaam. It streepke derboppe is de brêge yn de Parkstritte.

(Foto 's fan rûn 1905)


wider wie as no. Dat sadwaande lei hjir noch wol in frij romme poel.

Hjir waarden hurdriderijen op holden en wie it ek in kearpunt fan de skûtsje- en oare silerijen (om de tonne bij de houtmole). Dizze mole stie oan de westkant fan wêr't no it brechje nei wenwyk de Baai leit.



De westkant fan dyselde Baai mei de houtmole (ôfbrutsen yn 1917). Achter de wenten en de houtskurde rûn de Stationswei. Rjochts fan de mole de pleats wêr 't letter de Kaastra's op buorken.

Mar al gau nei de oprjochting fan it houtsjefabryk (Halbertsma) yn 1891, waard troch útwreiding fan dizze fabryk dielen fan de Baai dimpt om der produksjeloardsen op te setten. Sa kaam der ek ferlet om mear houtfoarried op te slaan. Dizze romte fûn men op de noardkant fan de Rjochte Grou. Dit wie dochs al in tichtgroeide reidpôle en mei wat grûnoanfulling waard dit geskikt makke foar opslach. Stadichoan waard dizze pôle en it omlizzende lân mear en mear ophege en ferhurde. (yn Grou bekend as Sint Piterpôle, sjoch foto op oare side)




De (Sint) Piperspôle mei de pleats fan Sint Piter de Jong. De namme hie dus neat mei de ús hillige te meitsjen. De earste houtloads rjochts fan de beam is der om 1910 hinne set. Op it plak fan de pleats stiet no it kantoar fan de FUMO. Oan de oare kant fan de Grou sjocht men it fabryk dy 't al oer in part fan de Baai boud is.

Want it fabryk waard grutter en woe it hout fuort beskikber ha. Nei de oarloch, doe't it nije kanaal troch de mar groeven wie, koe dit hout mei "coasters" streekrjocht út Skandinavië oanfierd en lost wurde. Op dizze pôle wiene al in protte houtloads en delset en it terrein waard yn de beton set om transport mei weinen en heftrucks mooglik te meitsjen. (sjoch foto fierderop)

Waard it hout jierrenlang mei in pont oerbrocht, nei 1951 koe dit mei de oanlis fan de brêge yn de J.W. de Visserwei, ek oer de dyk. Nei de grutte brân op 11 juny 1960 ferdwynt ek it jierrenlange oansjen fan de houtskuorren op de oare kant. Ek de behoefte om safolle hout yn opslach wurdt minder en de hiele produksje ferhuzet yn de 70-er en 80-er jierren nei de oare (noard)kant.



Foto nommen fan de houtmole de Jonge Valk mei gesicht op de Baai. Foaroan sawol stammen foar de mole as foar it fabryk. Rjochts de houtskuorrefan dizze mole dy letter noch jierren troch Halbertsma brûkt is. Lofts de Rjochte Grou mei noch in glimp fan de oaljemoale. (foto om 1910 hinne)



De houtloads dy 't jierrenlang it gesicht fan Grou op oare kant wiene. De earste loads waard der al om 1910 pleatst en yn de rin fan 40 jier útwreide ta dizze rigele. De grutte brân fan 11 juny 1960 makke foargoed in ein oan dizze situaasje. Wat sil hjir ris foar yn it plak komme ?

Op de Werf (fabryksnamme foar houtstek) wurde ek produksjehallen pleatst en spitigernôch falt it fabryk nei it fallisemint yn 1984 útinoar yn in doarre- en palletfabryk ûnder ferskillende eigenaars. It haadkantoar op de Piterspôle wurdt gemeentekantoar fan Boarnsterhim en it houtstekterrein komt yn hannen fan palletfabryk Faber út Assen. Nei't dy harren om 2013 hinne út Grou weromlutsen, leit it terrein mei de hallen der fersutere bij. (sjoch foto hjirûnder).



It terrein fan de werf sa as it der no bij leit. De peal yn it wetter midden jout noch it âlde pontgat fan it houtferfier nei it fabryk oan. Rjochts it fundamint fan it werfkantoar. Op de achtergrûn de produksjehallen fan de palletfabryk en links it kantoar fan de FUMO.

De earste berjochten wiisden nei it bouwen fan rekreaasjewenningen. Dit strookt alhiel net mei de ideeën dy't Grousters foar dit gebiet hawwe. Dy sjogge der graach wenningbou mei miskien wat befarbere wetterkes der troch hinne. "Grou Breed" (de namme feroaret anst yn "Doarps Koöperaasje Grou") hat gauris mei de gemeente om tafel sitten en de gemeente dielt no ek dy miening. Men wol besykje mei de eigener te kommen ta in goede ynfulling fan it terrein. It sil fansels noch wol in skoft duorje, mar hjir leit dé kâns foar it doarp.

Y.v.d.Veen septimber 2022

STIPERS:

J.D.Achenbach, B.Andringa, C.Andringa, **S.Andringa (Raerd)**, **S.A.Andringa**, F.Andringa-van der Pal, K.J.Arends (Terherne), **H.Atema**, J.A.v.d.Baan, F.Bakker, A.Banga, **H. Betten**, **K.Betten**, J.Blaauw (Grins), S.Blaauw (Menaam), **T.Blaauw**, B.de Boer, F.de Boer (Akkrum), J.de Boer (Wytgaard), K.de Boer, H.Boerstra (Akkrum), S.J.Bokma, D.Booi, **S.Boonstra**, **C.Bos (Ljouwert)**, **G.Bos**, A.Bosch (Ljouwert), J.v.d.Bosch, E.R.Bosma, B.Bouma (Aldeberkeap), **M.Bouma (Boalsert)**, **R.Bouma**, R.Bouma, S.Bouma, T.G.Braam (Epe), N.Brolsma, **R.Brolsma**, U.H.Brolsma (Zaandam), **R.Brouwer**, C.Brouwer-vd.Bosch, B.Bruinsma, N.Bruinsma, **S.Bijlsma (Driesum)**, F.Bijlstra-Visser, J.Castelein, **S.Castelein (Jorwert)**, H.Cnossen, I.Cornelder-Lageveen, E.R.Dalstra, F.Dam-v.d.Lei (Goïngaryp), P.Dauvellier (Akkrum), J.v.Dellen-vd.Bijl, R.Drenth-de Jong (Rotsterhaule), S.Drijfhout-Kaastra, A.v.Duuren (Ljouwert), A.A.v.Dijk-Smit (Drachten), A.Dijkstra-Sikkema, A.M.Dijkstra, I.Dijkstra-Hof (Drachten), **R.Dijkstra-Duiker**, T.Dijkstra-Pijl, U.Dijkstra, **J.Elzenga**, W.Faber (Den Haach), **H.Feenstra**, W.Feenstra (Goïngaryp), H.Fokkema-Scholten, A.v.Galen, A.Gerlofsma, J.T.v.d.Goot, A.J.Gorter, J.Grondsma-Krist (Snits), B.de Groot, H.de Groot (Akkrum), T.de Groot, W.de Groot, G.de Haan, G.de Haan-Smit (Nes), **J.de Haan**, J.de Haan, M.de Haan (Frentsjer), Y.de Haan-Seinstra, H.Haarsma-Pijl (De Lemmer), T.Halbertsma (Eastersé), A.Hallema (Mantgum), C.P.vd.Ham, A.Hazenbergh (De Gerdyk), **J.Hazenbergh** (Haulerwyk), **S.Hazenbergh**, N.Heida, A.Heidsma, S.Heidsma (Twello), S.Heidsma (It Hearrenfean), J.Helder (Drachten), **A.Hemstra-de Jong**, D.Hendriks-Hokwerda, J.Hendriks, B.vd.Henst, **H.Hiemstra**, L.Hiemstra, E.Hoekema-Baarup (Súdhorn), C.Hoekstra-Blaauboer, J.F.Hoekstra, R.Hoekstra-vd.Schaaf, J.H.Hofstra, R.Hofstra-v.d.Berg, J.Hogewerf, A.Holtrop, **J.Holtrop**, S.Holtrop, S.A.Hondema, **S.L.Hondema**, **B.Hooghiemster-Hoekstra**, B.K.Hooghiemster, **M.Hooghiemster (Dokkum)**, R.Hooghiemster (Akkrum), **W.Hooghiemster**, **U.Hosper (Oerterp)**, **A.Huininga-de Jong**, A.Huitema, **J.van Huizen**, J.Hylkema, K.W.Hylkema, G.v.d.Iest (Frentsjer), A.Jaarsma (Paterswolde), B.S.Jellema, M.Jellema, T.Jellema-Rinzema (Akkrum), A.de Jong-Jellema, (It Hearrenfean), B.de Jong, G.de Jong (De Pein), **H(a).de Jong**, **H(a).de Jong**, H(i).de Jong, J.de Jong, L.K.de Jong, L.de Jong (Monnikendam), M.de Jong, M.de Jong (Boalsert), R.de Jong, **S.de Jong**, S.de Jong-Roodbergen, T.de Jong, T.Jongsma-Wester, **W.Jonker (Wommels)**, **A.Juckers**, **G.Kaastra-Berga**, M.Kaastra, A.Keuning (Boarnburgum), J.A.J.Keuning (Dimter), **J.Kiemel**, A.M.E.Kingma Boltjes, C.Kleinhuys, G.Kleinhuys-Bijlsma, J.Kleinhuys (Lippenhúzen), M.Kleinhuys, R.Kleinhuys (Sint Nyk), S.Kleinhuys-vd.Vlugt, T.Knol-de Jong, **W.Kooiker**, T.Koopstra (De Jouwer), C.Kornet, **B.Kramer-Eizenga**, Y.Kramer-Postma (Jirnsum), **A.Kroese**, L. Kroese (Harns), M.Kuipers-Lievestroo (Akkrum), **B.Lageveen**, B.Langhout-Hooghiemster, R.Leenstra, **J.Leistra**, J.Leistra-Buikstra, S.E.Leistra, T.Leistra- de Jong, **J.v.d.Leij (Wyns)**, F.Leijstra, A.Liemburg, **T.Martens**, G.v.d.Meer, R.v.d.Meer-Jongstra, **T.v.d.Meer (Noordbroek)**, T.vd.Meer-Deelstra, S.Meester-Bruinsma, D.v.d.Meij, **J.Meinsma-Tasma**, N.Meinsma, E.Meijer, **L.Melein-Kooiker**, **L.Meter-Oostwoud**, **C.v.d.Meulen**, M.v.d.Meulen, A.Miedema-Tjallema, **B.J.Mink**, H.Molendijk, **D.J.Nienhuys**, J.W.Nienhuys, M.Nienhuys, T.Nobbe-Biesma, E.v.d.Noord, S.Odinga, E.Okkema, G.Okkema, H.J.Okkema, H.Oldenhof, A.Oldenziel-de Jong (Muntendam), **B.v.Oosten-Sienema**, L.vd.Pal-Woudstra, A.Pasma-Kaastra (Ljouwert), W.Pasma, A.Peenstra (Drachten), H.Ploegsma-Jellema, J.D.Ploegsma, H.Pool, S.Porte, H.Posthuma, **S.Postma**, **S.B.Postma (Akkrum)**, S.Provily, A.H.Readbergen (Warkum), **H.Roodbergen (Harns)**, N.Roodbergen, **S.Roodbergen (Akkrum)**, **J.P.Rottiné**, H.de Ruiters-Postma (Wytgaard), Z.de Ruiters-Postma, M.Rijke-van Tetering, **W.Rijpstra-Sienema**, J.G.v.d.Schaaf, **J.H.v.d.Schaaf**, **H.Schiere**, **S.Schouwstra**, S.T.O.Schurink, A.Sikkema, J.Sjoerdsma Jzn, **J.Sjoerdsma Wzn**, G.Sjoerdsma (Wergea), M.Sjoerdsma (Haren), W.Slauerhoff-de Jong (Modesta USA), R.Slooff, H.van Slooten-Heidsma, W.vd.Sluis, **Y.v.d.Sluis (Beilen)**, D.Smit (Wytgaard), T.Snoek (Nes), R.Speerstra-v.d.Meer (It Hearrenfean), H.Spijkstra, J.Spijkstra, **S.Spijkstra**, G.Stellingwerff (Amsterdam), **K.W.Stelma**, A.Sytema-Stellingwerff, **J.Terra**, G.H.Tichelaar, H.Tichelaar, M.Tichelaar, S.Vaas-Hazenbergh, **S.Valk-Feenstra**, A.M.v.d.Veen (Skingen), **L.vd.Veen-Terra**, **M.vd.Veen**, Y.v.d.Veen, H.van Veenendaal (Bûtenpost), S.Veenstra-Andringa, G.Verhoeven, A.Vervat- de Wrede, C.Visser, **D.Visser**, G.Visser-v.Stralen, J.Visser-Poppinga, T.Visser, **M.Vissia** (H.I.Ambacht), H.Vochtelloo, **A.Vollema**, H.Vollema (De Lemmer), A.Vonk-de Jong (Roden), A.de Vries, **C.de Vries**, G.J.de Vries, J.de Vries, J.de Vries (It Hearrenfean), **J.de Vries**, **R.de Vries**, R.de Vries-Krist (Wolvegea), R.de Vries-vd.Kooi (Ljouwert), T.de Vries-Veenstra, J.Wagenmakers (Oranjewâld), **D.de Wal-Tienstra**, **P.vd.Wal**, R.J.de Wal, K.Wapstra, W.Wapstra (Duiven), **R.Wartena**, **E.Wegman**, M.v.Welsenens-Heinis, H.v.d.Werf, H.Wessels-Deelstra, A.Wester, G.Wester, G.F.Westra Winselaar-Hooghiemster (Burgum), D.Wiersma, **D.Wiersma**, **J.de Winkel**, **W.Witteveen**, **F.de Wolf (Akkrum)**, T.G.de Wrede (Aldeboarn), **A.Wijbenga**, B.vd.Wijk, R.Yntema (Jirnsum), S.P.v.d. Zwaag-Blauw (Akkrum), R.Zwager, L.Zwerver (It Hearrenfean), L.Zwerver (Snits).

Sûnder plaknamme is Grou. As der mear persoanen stiper binne is de namme fet drukt. It tal stipersadressen heal septimber 2022 is 314.